

Oarders fan tsjinst fan tiden fan 'e dei en hústsjinster

It is it doel dat elkenien de fetprinte tekst seit.

De fersen dy't toanset binne, kinne ek sein wurde.

Teksten dy't tusken tekstheakken [] set binne, kinne ferfalle.

De farianten fan de

Iepeningsfersen

Lofprizings

Skuldbelidenissen

Segenbeaen

binne te finen yn 'e seksje Karteksten foar gebrûk yn it deistich gebed (s. 993-1004).

Foar de Psalmen mei har antifoan sjoch s. 1009-1065.

De skriftlêzings steane oanjûn yn it Roaster fan lêzings by it deistich gebed (s. 1221-1248).

Suggestjes foar it momint fan ynkear en stilte binne te finen op s. 1145-1150.

De cantica (lofsang fan Maria, lofsang fan Sacharias en lofsang fan Simeon) binne te finen op s. 1066-1069 en op 'e ynliskaart. De antifoanen dy't dêr by hearre steane oanjûn op s. 1070-1090. Sjoch ek Liturgyske sangen 141-142.

De farianten fan de

Gebeden fan 'e dei

Moarns-, middeis-, jûns- en nachtgebeden

steane oanjûn yn 'e seksje Gebeden (s. 1094-1135).

Oarder foar it moarnsgebed

STILTE

IEPENINGSFERS



I *II (allegearre)*

Hear, ie-pen-je my de lip-pen. Myn mû-le sil jo

lof fer - kun - dig - je. Rêd my, o God.

II

Kom mei has-ten, Hear, om my te hel-pen.

LOFPRIZING



allegearre:

Ea-re oan de Heit en de Soan en de hil-li - ge.

Geast lyk - as yn it oan - be - gjin no en

jim-mer en fan i-vich-heid oant i-vich-heid. A-men.

Hal - le lu - ja.

(It Halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdageiid)

[HYMNE/MOARNSLIET]

PSALM(EN)

mei antifoan (antifoanen)

Te tinken is oan de psalmen 5, 51, 63, 95, 148, 149 en 150

[Koarte ynlieding op 'e lêzing]


LÊZING

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

LOFSANG FAN SACHARIAS

mei antifoan dy't by de tiid fan it jier heart.

GEBEDEN



Hear, ûnt-ferm-je Jo, Kris-tus, ûnt-fer-mje Jo,



Hear, ûnt-fer-mje Jo

[eventueel yn oare folchoarder, of kar út:]

Us Heit


Foarbea

Stil gebed


Gebed fan 'e dei

Moarnsgebed

Segenbea



De Hear mei ús sei-ne jaan. Hy mei ús bewar-je foar



ûn-heil en ús lie - de nei i - vich lib-ben. A - men.

akklamaasje



Loov-je wy de Hear! Wy tan - kje God!

Oarder foar it middeisgebed/gebed oerdeis

STILTE

IEPENINGSFERS



I

Hear, iepen-je my de lip-pen. Myn mû-le sil jo

II (allegearre)

lof fer - kun - dig - je. Rêd my, o God.

II

Kom mei has-ten, Hear, om my te hel-pen.

LOFPRIZING



allegearre:

Ea-re oan de Heit en de Soan en de hil-li - ge

Geast lyk - as yn it oan - be - gjin no en

jim-mer en fan i-vich-heid oant i-vich-heid. A-men.

Hal - le lu - ja.

(It Halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdageitiid)

[HYMNE/LIET]

PSALM(EN)
mei antifoan (antifoanen)
Te tinken is oan de psalmen 118 en 146

LÊZING

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

GEBED(EN)



Hear, ûnt-fer-mje Jo, Kris-tus, ûnt-fer-mje Jo,



Hear, ûnt-fer-mje Jo

[eventueel yn oare folchoarder, of in kar út:]


Us Heit

Stil gebed


Gebed fan 'e dei

Middeisgebed


Segenbea



De Hear mei ús be-war-je mid-den op diz-ze dei,



yn 'e ien-fâld, de goe-dens en de blyd-skip fan it



E - van-geel-je. Hy mei ús se-gen-je en al-le-gear-re



dy't oan ús ta - be - troud bin - ne. A - men.

akklamaasje



Loov-je wy de Hear! Wy tan - kje God!

Oarder foar it jûnsgebed (fesper)

STILTE

IEPENINGSFERS



I *II (allegearre)*

Hear, ie-pen-je my de lip-pen. Myn mû-le sil jo

lof fer - kun - dig - je. Rêd my, o God.

II

Kom mei has - ten, Hear, om my te hel - pen.

LOFPRIZING



allegearre:

Ea-re oan de Heit en de Soan en de hil-li - ge

Geast lyk - as yn it oan - be - gjin no en

jim-mer en fan i-vich-heid oant i-vich-heid. A-men.

Hal - le lu - ja.

(It Halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdageiid)

[HYMNE/(JÛNS)LIET]

akklamaasje



Loov-je wy de Hear! Wy tan - kje God!


Foar in fesper letter op 'e jûn kin ek de oarder op s. 971 of de oarder foar in deisluting (kompleten) op s. 975 brûkt wurde.

Oarder foar in fesper letter op 'e jûn

STILTE

IEPENINGSFERS


Psalm 14: 1, 2




Hear, ik rop Jo, kom mei has - ten by my,



har - kje no't ik lûd om Jo rop.



Lit myn ge-bed as wij-reek nei Jo op - sti - ge



en lit myn op-stut-sen han-nen in jûn-tiids-of - fer wê-ze.

[OANSTEKKEN FAN WIJREEK]

[KOARTE STILTE FOAR GEBED]

OANSTEKKEN FAN IN KEARS (KEARSEN)

(mooglik as begelieding fan gebedsyntinsjes)

LOFPRIZING

allegearre:

Ea-re oan de Heit en de Soan en de hil-li - ge
 Geast lyk - as yn it oan - be - gjin no en
 jim-mer en fan i-vich-heid oant i-vich-heid. A-men.
 Hal - le lu - ja.

HYMNE 'PHOOS HILARON'

refrein: Ignace de Sutter

Freon-lik Ljocht fan de Hil - li - ge Gloar - je
 fan de i - vi - ge, ûn - stjer - li - ke Heit,
 fan de hi-mel-ske, de hil - li - ge, de sil - li - ge:
 Je-zus Kris-tus.



[eventueel yn oare folchoarder, of in kar út:]

Us Heit

Foarbea


Stil gebed

Gebed fan 'e dei


Op sneontejûn kin it 'gebed fan 'e dei' op dit plak ferfalle en kin nei it jûnsgebed en foar de segenbea in 'begroeting fan 'e snein' ynfoege wurde. Sjoch s. 1092-1093

Jûnsgebed

Segenbea



De Hear mei ús syn sei-ne jaan. Hy mei ús bewar-je foar



ûn-heil en ús lie - de nei i - vich lib-ben. A - men.

akklamaasje



Loov-je wy de Hear! Wy tan - kje God!

LÊZING

Bygelyks ien fan dizze stikken út 'e Skrift:

Deut 6:4-7; Jer 14:9; Kleil 3:22-24; 3:25-27; 3:31-33; Ef 4:26-27; 5:8-9; 1 Tess 5:1,4-5; 5: 8-10; 1 Petr 5:6-7; 5:8-9; Iep 22:4-5.

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

PSALMFERS



Yn jo han - nen, Hear, be - trou ik myn lib - ben.



Want Jo, Hea - re God, haw - we ús fer - lost,



jo wier - heid hat ús frij - mak - ke.



Yn jo han - nen, Hear, be - trou ik myn lib - ben.



Ea-re oan de Heit troch de Soan yn 'e ien-heid mei de Geast.



Yn jo han - nen, Hear, be - trou ik myn lib - ben.

LOFSANG FAN SIMEON

mei antifoan dy't by de tiid fan it jier heart

GEBEDEN



Hear, ûnt-ferm-je Jo, Kris-tus, ûnt-fer-mje Jo,




Hear, ûnt-fer-mje Jo

(eventueel yn oare folchoarder of in kar út:)

Us Heit

Nachtgebed

Segenbea



De Hear mei ús in rês - ti - ge nacht jaan



en ien - kear de i - vi - ge freug - de. A - men.

akklamaasje



Loov-je wy de Hear! Wy tan - kje God!

Oarder foar in persoanlik moarnsgebed

LOFPRIZING

Heech te priizgjen binne Jo, God,
kening fan 'e wrâld,
dy't de moarntiid komme lieten
en it ljocht roppen hawwe,
segenje my ek
mei jo ljocht!

STILTE

Yn 'e namme + fan de Heit
en de Soan
en de hillige Geast.

[HYMNE / MOARNSLIET]

PSALM

mei antifoan

Der kin tocht wurde oan de psalmen 5, 51, 63, 95, 148, 149 en 150.

LÊZING

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

GEBEDEN

Lofprizing út de Lofsang fan Sacharias

Heech te priizgjen binne Jo, myn God,
dy't as in nije dage foar ús opgean sil
om ljocht te bringen yn it tsjuster
en yn it skaad fan 'e dea
om ús it paad fan 'e frede op te stjoeren.

[eventueel yn oare folchoarder, of kieze út:]

Us Heit

Gebed fan 'e dei

Persoonlik gebed

Moarnsgebed

Ofslutend gebed

Myn hert hâldt Jo
jo útspraak foar:
“Sykje myn geunst!”
Jo geunst,
dy wol ik sykje, Heare.
Kear jo geunst
net by my wei.

Oarder foar in persoanlik middeisgebed / gebed foar oerdeis

LOFPRIZING

Heech te priizgjen binne Jo,
dy't troanet
boppe de himel
boarne fan djippe
oseänen,
Jo, Hear oer alle dingen!
Jo, de amme
fan myn bidden,
siel fan alles
wat my beweecht!

STILTE

Yn 'e namme + fan de Heit
en de Soan
en de hillige Geast.

[HYMNE/LIET]

PSALM

mei antifoan

Der kin tocht wurde oan de psalmen 118 en 146.

LÊZING

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

GEBEDEN

[eventueel yn oare folchoarder, of kieze út:]

Us Heit

Gebed fan 'e dei

Persoonlik gebed

Middeisgebed

Ofslutend gebed:

Hilligje my
mei jo geboaden,
mei de goedens
fan jo wet
en meitsje myn hert bliid
mei de wierheid.
Dat jo leafde
my it paad wize mei,
dat jo segen
foar my útgean mei.

Oarder foar in persoanlik jûnsgebed

[IT OANSTEEKEN FAN IN KEARS]

LOFPRIZING

Heech te priizgjen binne Jo, o God,
kening fan 'e wrâld,
om it ljocht
dat foar my opstutsen is.
Wol der wêze,
lit Jo fine
en hoedzje my
foar it tsjuster,
no't ik my oer jou
oan jo wankend ljocht.

STILTE

Yn 'e namme + fan de Heit
en de Soan
en de hillige Geast.

[PSALMFERS]

Heare, ik rop om Jo, kom mei hasten by my,
harkje, no't ik lûd om Jo rop.
Lit myn gebed as wijreek nei Jo opstige,
en lit myn opstutsen hannen in jûntiidsoffer wêze.

[IT OANSTEEKEN FAN WIJREEK]

[HYMNE / JÛNSLIET]

PSALM

mei antifoan

Der kin tocht wurde oan de psalmen 16, 31, 90, 110-117, 121, 130 en 141.

LÊZING

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

GEBEDEN

Lofprizing út de Lofsang fan Maria

Ik loovje de Hear mei hert en siel,
ik jubelje om God, myn Rêder.
Barmhertich is Hy, de tiden troch
foar allegearre dy't earbied foar Him hawwe.

[eventueel yn oare folchoarder, of kieze út:]

Us Heit

Gebed fan 'e dei

Sneontejûns kin hjir it 'gebed fan 'e dei' ferfalle en kin nei it jûnsgebed
en fôár it 'ôfslutend gebed' in 'begroeting fan 'e snein plakfine. Sjoch
s. 1092-1093.

Foarbea

Persoanlik gebed

Jûnsgebed

Oslutend gebed

Myn libben lang ha ik mei Jo wraksele.
Ik fyn oars gjin frede as by Jo.
Hjitte fan 'e dei, it is wer oer.
Oäze fan 'e jûn, no by Jo.

Oarder foar in persoanlike deisluting

LOFPRIZING

Heech te priizgjen binne Jo, God,
kening fan 'e wrâld,
dy't de flam
bewarret yn ús hert,
blaas him oan
oant de nacht foarby is
en it tsjuster trochstien.

STILTE

Yn 'e namme + fan de Heit
en de Soan
en de hillige Geast.

SKULDBELIDENIS

Al wat ik die wie fakentiid
mei jo grut fisioen yn striid;
faak wie al wat ik tocht of sei
fier ôf fan jo ferheven wei.

Jo, dy't ús rêde fan 't gemis,
jou dat de nacht in trochpaad is
nei libben, fol fan hill'ge Geast,
in libben, alle machten treast.

PSALM

mei antifoan

Der kin tocht wurde oan 'e psalmen 4, 91 en 134.

LÊZING

Bygelyks ien fan dizze stikken út 'e Skrift:

Deut 6:4-7; Jer 14:9; Kleil 3:22-24; 3:25-27; 3:31-33; Ef 4:26-27; 5:8-9; 1 Tess 5:1,4-5; 5: 8-10; 1 Petr 5:6-7; 5:8-9; Iep 22:4-5.

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

GEBEDEN

Lofprizing út 'e Lofsang fan Simeon

No jouwe Jo, Hear, jo tsjinner it frij
om nei jo tasizzing yn frede hinne te gean;
myn eagen hawwe no ommers
de ferlossing sjoen,
dy't Jo taret hawwe foar it each
fan alle folken,
in ljocht om de heidens it paad te wizen
en in gloarje foar jo folk Israel.

[eventueel yn oare folchoarder of kieze út:]

Us Heit

Persoanlik gebed

Nachtgebed

Ofslutend gebed

Yn jo hannen, Hear,
betrou ik myn libben.

Oarder foar in persoanlik gebed yn 'e nacht

LOFPRIZING

Yn it skaad
fan jo wjukken
weitsje ik
mei it ljocht
foar eagen,
bid ik my
troch it tsjuster hinne,
sjong ik my
fan soargen frij.

PSALMGEBED

Psalm 31:2,3

Kom mei gauwens, o God,
wês in plak fan beskerming,
as in flechtling sykje ik asyl,
jou myn hannen hâld oan 'e rots dy't Jo binne,
wês as in festing foar my.

Der kin ek tocht wurde oan 'e psalmen 4, 6, 16, 31:1-6, 63, 70, 71, 86, 91, 103, 121, 130.

AMERIJ FAN YNKEAR EN STILTE

Yn 'e namme + fan de Heit
en de Soan
en de hillige Geast.

GEBEDEN

[eventueel yn oare folchoarder, of kieze út:]

Us heit

Persoonlik gebed

Nachtgebed

Ofslutend gebed

God, beskermje my,
slach de earms om my hinne.
Hâld my fêst
wannear't ik wifkje,
as myn woartels
taastend sykje
en myn skaad
te lang wurdt.

Oarder foar de iepening fan in gearkomste

STILTE

IEPENINGSFERS



Rêd my, o God. kom mei has-ten my te hel-pen.

PSALMGEBED

Psalm 119:33-40

Lear my, Heare, hoe't ik mei jo foarskriften oan moat,
dan sil ik se oan it lêste ta yn acht nimme.

Jou my it ynsjoch om jo wet yn acht te nimmen
en dy mei ynmoed te folgjen.

Lit my it paad fan jo geboaden gean,
want dat is al wat ik begear.

Lit myn hert útgean nei jo útspraken
en net nei eigenbaat.

Hâld myn eagen ôf fan de dingen-fan-neat,
mar lit my libje troch jo wei te gean.

Hâld fêst oan wat Jo jo tsjinner tasein hawwe,
dat er ûntsach foar Jo krije mei.

Nim de smaad fan my ôf, dêr't ik fan griis,
want jo rjochtsregels binne goed.

Sjoch, ik haw langst nei jo oarders,
jou my it libben troch jo gerjochtichheid.

Eare oan de Heit en de Soan en de hillige Geast,
no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.

of:


Psalm 119:9-16, 105-112, 129-136, 145-152, of 169-176

of:

sjongend de oerienkommende fersen út it Lieteboek, resp. 3-4, 8-10, 27-28, 33-34, 37-38, of 43-44.

KOARTE LÊZING

GEBED



Hear, ûnt-fer-mje Jo, Kris-tus, ûnt-fer-mje Jo,



Hear, ûnt-fer-mje Jo

Hear, wy freegje Jo: wolle Jo ús helpe
om jo boadskip foar ús libben te ferstean.
Lear ús te harkjen nei elkoar
en nei wat elk fan ús út jo Wurd ferstiet.
Meitsje in mienskip fan ús
dêr't minsken inoar net twinge
of in oare miening oplizze,
mar meitsje ús ek frij fan alles
wat ús twingt of beweecht om in oare wei te gean
as Jo wolle dat wy gean sille.
Troch Jezus Kristus.
Amen.

Oarder foar it sluten fan in jûnsgearkomste

STILTE

IEPENINGSFERS



Rêd my, o God. kom mei has-ten my te hel-pen.

LOFPRIZING



Ea-re oan de Heit en de Soan en de hil-li - ge.
Geast lyk - as yn it oan - be - gjin no en
jim-mer en fan i-vich-heid oant i-vich-heid. A-men.
Hal - le lu - ja.

(It Halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdagetiid)


Heare ús God, Jo dy't it ljocht skepen hawwe
en de tsjusternis oerwûn;
wy tankje Jo
dat Jo ús dizze dei genedich bewarre hawwe.
Wy freegje Jo:
rekkenje ús net oan wat wy ferkeard dien hawwe;
kear ús om nei Jo ta
en lit ús net út jo hannen falle.
Amen.

KOARTE LÊZING

(in pear fersen, bygelyks Deut 6:4-7; Jer 14:9; Ps 121; Kleil 3:22-24, 3:25-27, 3:31-33; Ef 4:26-27, 5:8-9; 1 Tess 5:1,4-5, 5:8-10; 1 Petr 5:6-7, 5:8-9; Iep 22:4-5)

JÛNSLIET

Pieter Boendermaker / Sethus Calvisius 1594



I Mei Jo, myn God, jou ik my del,
 'k be - trou my ta oan jo be - stel,
 sa't Jo myn lib - ben lie - de.
 Jo hâl - de wacht
 by dei en nacht,
 dat 'k fei-lich wen-je op ier - de.

2 Hear Jezus Kristus, 'k rop ta Jo,
 myn ien'ge helper, doe en no:
 wol foar fertriet my sparje;
 lit ek fannacht
 foar duvels macht
 jo ing'len my bewarje.

3 Stean mei jo ingelen my by
 as altyd bliuwend skyld om my,
 en lit gjin kwea my roere.
 God, hill'ge Geast,
 jou moed en treast
 ek yn myn lêste oere.

of in oar jûnsljet

GEBEDEN

I *II (allegearre)*

Hear, ûnt-ferm-je Jo, Kris-tus, ûnt-fer-mje Jo,

Hear, ûnt-fer-mje Jo

(eventueel yn oare folchoarde, of in kar-út:)

Us heit

Stil gebed

Foarbea

Lit ús bidde foar de tsjerke:

**jou har moed en leauwe
 om op jo Wurd te fertrouwen
 en út jo leafde te libjen.**

Lit ús bidde foar de frede:

**jou wysheid en sêftmoedigens
 oan ús en oan har dy't oer ús regearje.**

Lit ús bidde foar dy't fertriet hawwe:

treast har, Hear, en stean har by.

Lit ús bidde foar de siken:

wês om har hinne, Hear, mei jo neibyens.

Jûnsgebed

Wy bidde Jo, Hear,
wês genedich by ús
yn dit hûs.

Lit ús ûnder jo beskerming rêste.

Nim ús ûnrêst en wurgens wei,

dat wy Jo moarn

op 'e nij wer priizgje meie.

Amen.

Seinbea

God, de almachtige, de Heit, de Soan,

en de hillige Geast mei ús seingje en behoedzje.

Amen.